

Sinnebank

skreaun foar de Heiderevu fan 1994

kearsang:

o, o, o, wat bisto brún
fan de topkes fan dyn teannen oant dyn krún
en alles wat dêr tusken sit, hoewol't ik dat net seker wit
sa'n moai kleurke krijsto grig net yn 'e tún
o, o, o, wat bisto brún

C F
G C
F Dm G Em
A7 D7
G7 C

guon minsken bin ferslave oan de drugs of oan 'e drank
mar dêrfan hawwe wy hjir noait gjin hinder
der bin der ek dy bin ferslave oan de sinnebank
en sis no sels, dat is dochs folle minder
nim no Annemiek, rint dy ris op 'e dyk
dan sjongt de hiele klyk:

C Am Dm G7
F Cdim C
C C7 F
D7 G7
G7
G7

kearsang:

de iene hat in briltsje en de oare dy rint mank
elk minske hat syn lekken en syn brekken
mar der is in grut gebrek en dat hyt fan sinnebank
dat is de kwaal fan brune-feltsje-gekken
rint Melle op 'e dyk, as afrikaan gelyk
dan sjongt de hiele klyk:

kearsang:

it waar by ús yn Fryslân dat hat in minne klank
hjir komt sawat de measte rein telâne
dêrom lizze hjir safolle minsken op sa'n sinnebank
om op dy manier har fel wat te ferbrânen
en komt dy brune Riek op 't wurk op it fabryk
dan sjongt de hiele klyk:

kearsang:

troch allochtoanen wurde wy mar bleekgesichten fûn
mar dat ferskil begjint no te ferdwinen
want yn alle strjitten dêr skynt hast elke jûn
it blauwe ljocht oeral troch de gerdinen
en komt sa'n sinne-friik dan moarns wer op 'e dyk
dan sjongt de hiele klyk:

kearsang: